



Utnûging foar de gearkomste op **sneon 28 jan. 2023** om 13.30 oere yn *Tresoar (Boterhoek 1)*.

**Wurklist, notulist: Rinse Spits**

1. Iepenjen
2. Meidielings en ynkommen stikken.
3. Ferslach fan 26 nov. 2022
4. **Van Aisma**, *lêzing troch: Pieter Nieuwland*
5. Skoft
6. **Jelle Terluin. Wapenregistraasje 2022**
7. **Petear oer ynbrochte fragen**
8. Omfregjen
9. Sluten

**Nei de gearkomste: útwikseljen fynsten (Laptops ensfh. mei jimme genealogyske data meinimme!)**

Data 1e helte 2023: 11 mrt., 8 apr.

dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

**Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomste! Tagong fergees!**

## Van Aisma

*troch: Pieter Nieuwland*

Mei de famylje (Van) Aysma, beskreaun yn it Gen. Jierboek fan 2022, hat dizze famylje genealogysk neat te krijen. Sy hawwe harren namme ûntliend oan de pleats Groot Aysma op Dyksterhuzen ûnder Bitgummole, dy't yn it grize ferline eigendom west hat fan de Aysma's.

Dizze famylje Van Aisma is yn 1942 mei Johannes Hartman van Aisma útstoarn. Hy liet syn kapitaal nei oan de troch himsels oprjochte J.H. van Aismastichting. Dy stichting bestiet noch en stipet kulturele aktiviteiten yn Bitgummole en omkriten, bgl. de jierlikse Van Aisma-keatspartij. Yn Bitgummole stiet by it kafee in boarstbyld fan J.H. van Aisma.



Sprekker sil besykje nei te gean wêr't de rykdom fan J.H. van Aisma weikomt. De famylje Van Aisma wie earder in hiel gewoane boerefamylje dy't altyd yn deselde omkriten wenne hat, benammen yn Menaam.

*Pieter Nieuwland is yn de kring fan genealogen yn Fryslân tige bekend troch syn wurk by it Ryksargyf en Tresoar as haad fan de stúdzjeseal. En oars wol troch syn publikaasjes oer genealogysk ûndersyk of troch syn wurk as meiredakteur fan It Genealogysk Jierboek.*

### Nei it skoft:

- [Jelle Terluin. Wapenregistraasje 2022](#) (neigesetsje jierboek 2022)
- [Petear oer ynbrochte fragen](#)

Troch leden ynbrochte fragen wurde yn it twadde part fan de gearkomste nei it skoft behannele. Fragen kinne foarôf **oant 8 jannewaris ynstjoerd** wurde nei [jabikvanderbij@gmail.com](mailto:jabikvanderbij@gmail.com). Se wurden dêrnei nei de leden stjoerd.

***Fragen wurde allinne besprutsen as de fragesteller oanwêzich is op de gearkomste.***